

Taheakke II

Konsept-beslutelist fan de gearkomste fan Provinsjale Steaten op woansdei 24 april 2013

Oanfang: 10.00 oere

Foarsitter: de kommissaris fan de Keninginne, J.A. Jorritsma.

Griffier: A. Oortgiesen.

Oanwêzich: M. Aardema, (PVV); J. Apperloo (CDA), frou H.C.G. van Asten (PvdA); A. Bijlsma (FNP); Y.de Boer (ChristenUnie); P. Buisman (PVV); T.A. Dorrepaal (CDA); F.P. Doting (VVD); frou F. Feenstra (SP); O. van der Galiën (VVD); O.A. van der Galiën (PVV); frou I. Groeneveld (GrienLinks); frou A. Haga (ChristenUnie); K.J.F. Hettinga (D66); J.E. Hiemstra (Friese Koers); P. ten Hoeve (CDA); R.W. van der Honing (GrienLinks); D. Hoogland (PvdA); J.B. van der Horst (SP); frou S.L. Hosman (VVD); frou H.A.M. Janssen (PvdA); K. Kielstra (VVD); R. van Maurik (PvdA); frou W.L. Ottens (PvdA); J.S.W. Ozenga (PvdA); D. Pool (VVD); S.S. Posthumus (FNP); frou M.C. van de Ree (D66); frou F.H. Reitsma-Hazelhoff (CDA); frou F.B. Teernstra (CDA); J.A. Tjalsma (CDA); frou A. Toering (FNP); H. van der Veen (CDA); frou H. van der Vlugt (PvdA); T. Voigt (PvdA); C. Vos (CDA); W. de Vries (ChristenUnie); frou I.R. Wagenaar (PvdA); J.S. van der Zee (PvdA).

Ofwêzich: A. van der Aar (VVD), J.W. van der Hoek (SP); Ö. Kaya (PvdA) en J. Visser (FNP).

(...)

10B Wiziging staveringsregels Frysk

De provinsje hat de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze wurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk, of offisjeel de 'Woordenlijst Nederlandse Taal van de Nederlandse Taalunie'. De standertwurdlist moat in oersjoch jaan fan de offisjele stavering fan it Frysk en hjirmei de ûndúdlikens dy't der bestiet oer hoe't guon wurden skreaun wurde moatte, ferhelpe. In standertwurdlist moat oanbean wurde yn de goede stavering. Hjirfoar bestiet de staveringsregeling foar it Frysk. Doe't de Fryske Akademy mei de ynventarisasje fan de standertwurdlist oan de slach gie, kamen hja der efter dat de staveringsregeling dy't op dit stuit fan krêft is, net folslein en ek net konsistent is. Dat betsjut dat de staveringsregeling oanpast wurde moat om op grûn fan dy nije regeling in standertwurdlist meitsje te kinnen. Provinsjale Steaten wurdt no frege om grien ljocht te jaan foar útwurking de staveringsoanpassing sa't de Akademy foarstelt. De Fryske Akademy hat pas in folslein oersjoch oer alle mooglike wizigings oan it ein fan it trajekt. Dat betsjut dat Provinsjale Steaten nei de ynstimming fan no, by it opleverjen ek frege wurde sil om in definityf beslút te nimmen oer de regeling en de oanpaste oardering. It foech om de stavering fan it Frysk fêst te stellen is op dit stuit ferparte ûnder Provinsjale en Deputearre Steaten. Provinsjale Steaten hat it foech om de 'algemiene' staveringsregeling fêst te stellen, Deputearre Steaten hat fan Provinsjale Steaten yn 1976 it foech krigen om sa nedich in regeling te treffen foar de frjemde of lienwurden (útlânske wurden). Om't it ûnderskied tusken frjemde wurden en Frysk-eigene wurden ferdwine, komt it folsleine foech oangeande de staveringsregeling wer yn hannen fan Provinsjale Steaten.

Utstel

It kolleezje fan Deputearre Steaten stelt it neikommende út.

1. It 'Advys regeloanpassing Fryske stavering' fêst te stellen en yn te stimmen om de wizigings yn de staveringsregeling troch te fieren;
2. It Kolleezje fan Deputearre Steaten te fersykjen de Fryske Akademy de opdracht te j aan de standertwurdlist op grûn fan it fêststelde advys út te wurkjen;

Tasizzings

Deputearre De Vries docht de neikommende tasizzing.

* It kolleezje stjoert derop oan dat de Fryske staveringshifker op 1 oktober klear is.

* De wiziging fan de regels kin mei direkte yngong ynfierd wurde en sil goed buorkundich makke wurde, ek yn it ûnderwiis.

Beslút fan Provinsjale Steaten

It útstel wurdt mei algemiene stimmen **oannommen**.